

Bijlage VMBO-GL en TL
2021

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

It Fryslân fan eartiids

Gjin better ambassadeur foar de greidefûgels as Harry Wijbrands. De boeresoan út Molkwart (27) wurket al wer fiif jier by It Fryske Gea¹⁾, de lêste jierren as greidefûgelkoördinator. As bern al strúnde er troch de greiden, doe in polderlân fol sjongende fûgels. Hy kin him gjin Fryslân yntinke sûnder it lûd fan de skries, tjirk en ljip. “It is no ysliek stil op in protte plakken.” Tiid om it tij te kearen. *Crowdfunding*²⁾ moat It Fryske Gea oan jild helpe om de greidefûgel te rêden.

(1) Yn 'e hjerst begjint it wurk yn de reservaten yn de Warkumerwaard, fertelt Harry. “De wetterpeilen bringe wy fan desimber ôf omheech, sadat it
5 lân fochtiger wurdt.” Fanwegen de hegere wetterstân siket it boaiemlibben it heger op. As it foarjier begjint, dan fine de greidefûgels makliker fretten, lykas wjirms. “Sy
10 moatte it fretten mei de snaffel pakke.” In legere wetterstân is dêrom funest. Yn it polderlân binne guon stikken lân dy't ûnder wetter set wurde om fûgels oan te lûken. Sa
15 kinne de piken yn de slykrânen de miggen opfrette. Moaie wiete omstannichheden binne fan wêzentlik belang om te oerlibjen. De maatregels binne nedich. “Yn ús gebieten
20 bliuwt de greidefûgelstân gelokkich noch aardich stabyl.”

(2) Tweintich jier lyn lei it lân der noch hiel oars by, heucht Harry him, “as lyts jonkje rûn ik by it meanen
25 foar heit syn trekker út om de piken te sammeljen en letter wer út te setten yn it lân fan de buorlju”, fertelt er entûsjast. “Ik hie samar in amerfol piken. Geweldich fûn ik dat. De piken
30 fan skries en tjirk ferskûlen harren it leafst yn it lange gers. Der sieten oeral fûgels, net allinne yn de greiden om Molkwart hinne, mar ek by Warns, Starum en Koudum. Dat lûd fan
35 sjongende fûgels yn it foarjier wie

prachtich.” By it weromtinken dêroan kriget Harry wer pikefel. “Ik kin my Fryslân net foarstelle sûnder dy maitiidsmuzyk. De skries fielt as myn
40 fûgel. Dêr moat ik op passe.” (3) Mei de boeren dy't grûn yn de Warkumerwaard pachtsje fan It Fryske Gea is ôfpraat dat sy net earder as fan 1 july ôf meane, of it
45 moat wêze dat der gjin fûgels mei jongen yn it gebiet sitte. “Wy meitsje dêr per boer ôfspraken oer sadat net alles yn ien kear meand wurdt.” Troch it mozayk dat ûntstiet, hâlde de
50 fûgels, hazzen en reeën beskutting. Dêrneist soargje Harry en syn kollega Tjerk Kunst derfoar dat de solarpompen op 'e tiid yn it fjild steane. Dêrtroch hâldt it wetter út de sleatten
55 de plassen wiet, ek by in lange tiid fan drûchte. It maatwurk docht fertuten. Dochs moat der mear barre, konstearret Harry. “De efterútgong yn de rest fan it lânbougebiet is in
60 griis. Us gebietsjes binne postsegels. As wy dy grutter meitsje kinne, dan nimt de kâns op sukses ta, ek foar de langere termyn.” *Crowdfunding* stelt It Fryske Gea yn steat om greidefû-
65 gels in moai plak te bieden. (4) Op dit momint rinne noch hiele stikken lânbougrûn leech. Greidefûgels kieze de moaiste perselen. De swierrichheid is dat sy briedsukses
70 hawwe moatte. “Yn ús gebieten giet

dat aardich. Hjir klinkt it noch moai yn it foarjier, mar it tinnet rap út. As der gjin jonge oanwaaks is, dan komt de sloai deryn. Ast sjochst hoe't it
75 lânskip yn koarte tiid feroare is. Dat docht sear."

(5) Doe't er jong wie, stiene de fjilden op de klaaigrûn noch fol seeën fan bûterblommen, hynstebloemen en
80 soerstâlen. "Ik kin it lûd fan in sjongende skries yn it fjild of de melody fan ljurken en tjirken net misse. It is dochs skande dat wy dat net mear hearre. As der in kâns is om
85 de delgong te kearen, dan moatte jo dêrfoar gean. Gelokkich kleuret de Warkumerwaard yn it foarjier noch altyd giel fan de rinkelblom en rôs fan de orchideeën."

(6) As boeresoan makket hy de boeren oars gjin ferwiten. Dy kinne der neffens him ek net folle oan dwaan. Troch it hjoeddeistige aksint op effisjinsje en hege molkeproduk-
95 sje binne de feehâlders yn in patroan

rekke dêr't sy dreech út komme kinne. Boeren wize al gau nei rôvers lykas in foks of murd, mar úteinlik is it de yndustriële lânbou dy't de
100 greidefûgels skea ta bringt, mient Harry.

(7) Yn de Warkumerwaard is der mei help fan it agrarysk kollektif en frijwilligers in fokseroaster pleatst.

105 Mei-inoar is der sa'n 150 hektare mei ûngefear 20 kilometer ôftriedde. De kamera's dy't yn it gebiet pleatst binne, hawwe de ôfrûne jierren gjin foksen mear op de foto set. Martereftige bisten kinne der noch wol troch. "Wy besykje om der alles oan te dwaan, mar ferwachtsje der net in soad fan." De greidefûgel hat neffens him dochs wol it measte foardiel fan
115 in oare wize fan produsearjen troch de boer. "Dan kin it iepen Fryske lânskip wer ta bloei komme. It is dochs treurich dat skoalbern net mear witte hoe't de maitiid klinkt. Dat
120 Fryslân wol ik werom hawwe."

naar: Fokko Bosker, It Fryske Gea, winter 2018-2019

noot 1 It Fryske Gea is in provinsjale feriening en hat as doel: de beskerming, it behâld en de ûntjouwing fan natuer, lânskip en kultureel erfgoed.

noot 2 It idee fan *crowdfunding* is dat in protte minsken in lyts bedrach ynvestearje yn in projekt en dat dy ynvestearingen byinoar it projekt finansierje.

Fersierde feestweinen as kultureel erfgoed yn Noardeast-Fryslân

(1) Doarpsoptochten mei prachtich fersierde feestweinen yn de eardere gemeente Dongeradiel, tsjintwurdich Noardeast-Fryslân, hawwe al in lange tradysje. Aant Jelle Soepboer (29) út Nijewier wit dêr alles fan. De ierdrykskunde- en skiednislearaar hie wol safolle histoarysk besef om mei de jongerein út syn doarp yn aksje te kommen, doe't de regels oanskerpe waarden en it der op like dat de fersierde weinen net mear oer de provinsjale diken ride mochten. Dat spile allegearre yn de hjerst fan 2018. Underwilens is de loft klearre en meie de feestweinen trochride yn Noardeast-Fryslân.

(2) "Kultureel erfgoed, yndied. Foar in bûtensteander liket it miskien hiel oerflakkich, dy fersierde weinen by in doarpsoptocht mei in groep jongeren derop dy't stiet te springen mei in pot bier yn 'e hân as fertier. Mar der sit in folle djippere gedachte efter. Yn in doarpke as Nijewier mei amper 400 ynwenners, is noch genôch jeugd dy't him ynsette wol foar sa'n feestwein. Yn sa'n doarp is der in bepaalde sosjale koheezje en likegoed yn de doarpen om Nijewier hinne, krimpdoarpen faaks dêr't gjin foarsjenningen mear binne. Wy hawwe yn ús doarp ek gjin supermerk mear, gjin kafee, gjin bakker en gjin slachter. En dochs bliuwt de jeugd yn sa'n doarp te wenjen. Dat hat te krijen mei de koheezje by in doarpsfeest en alles wat dêrmei anneks is. Dy fersierde weinen ek. In jier yn it foar wurdt in tema bekend makke, der wurdt oer praat, de jeugd komt byinoar te harsenskrabjen. Sy komme by

minsken yn 'e húskeamer, yn in hok, in keet of kroech. It idee dat út dy gearkomsten nei foaren komt, liedt ta in ûntwerp en in wein. Der moat boud wurde, timmere, laske en gean sa mar troch. Jonges dy't twa linkerhannen hawwe, wurde der ek by belutsen, dy kinne wol fervje. Ald helpt jong en oarsom. Sa komt in hiel doarp yn beweging foar in wein", leit Aant Jelle Soepboer út.

(3) Net allinne yn Nijewier wurde feestweinen boud, yn de omlizzende doarpen is it jongfolk ek aktyf om de tradysje yn stân te hâlden. Yn Eanjum komme der samar 3.500 besikers nei it doarp ta om de fersierde weinen te besjen. Neist de ferskate buertweinen bout de jeugd ek syn eigen kreaasjes. Soepboer lit in âlde foto sjen mei dêrop in feestwein fol mei froulju. De froulju binne ferklaaid yn wite jurken en hawwe in kroantsje op 'e holle. De palmblêden ûntbrekke ek net. Neffens Soepboer datearret de foto fan foar 1920. Foar him it bewiis dat de tradysje al in iuw âld is.

(4) Wat yn de rest fan Fryslân net bart, is dat de jongeren yn Noardeast-Fryslân harren pronkstikken oan de oare doarpen toane. "De grutte produkten binne de jongereinweinen, dêr't aardich wat jild yn stutsen wurdt. De buertweinen ride by it doarpsfeest allinne troch Nijewier, de weinen fan de jongerein geane nei de oare doarpen om sjen te litten wat sy foar moais makke hawwe. Oarsom, jongeren út oare doarpen dy't harren wein yn Nijewier sjen litte, bart ek; in sûne kompetysje

85 fan kreativiteit ûnder it jongfolk.
Troch strangere regels woe de
gemeente dy tochten mei de
jeugdweinen ferbiede. ‘Jimme meie
net oer de provinsjale diken ride,
90 allinne oerstekke. Takom jier wurde
aparte jeugdrueten net mear tastien’,
wie in briefke dat wy krigen. Eins
woene sy de tochten mei de
jeugdweinen gewoan ferbiede. Doe
95 hawwe wy in iepen brief opsteld dêr’t
wy yn dúdlik makken dat wy soks
spitich fûnen. Nei oerlis mei de
bestjoerders is it ferbod no fan ‘e
baan en kinne wy gelokkich ús gong
100 wer gean.”

(5) Dat de fersierde weinen yn
Noardeast-Fryslân in *hot item* wiene,
die wol bliken by de gemeenterieds-
ferkiezingen. Aant Jelle Soepboer
105 waard op it lêste stuit op de
kandidatelist fan de FNP¹⁾ set op in
ûnferkiesber sechstjinde plak, mar
stoarme de ried yn mei mar leafst
584 foarkarsstimmen. Dêrnei wie ien
110 fan de earste punten dy’t hy yn de
nije ried oan ‘e oarder stelde, it
behâld fan de tradysje om mei de
fersierde jeugdweinen troch de oare
doarpen te riden. Syn oprop krige

115 brede stipe! Dat de regels oanskerpe
binne, is gjin probleem foar Soep-
boer. Feiligens foar alles! “En net yn
‘e buorren pisje, mar bûtenút”, fertelt
de Nijewierster mei in brede laits.
120 **(6)** “Fansels binne wy der wiis mei
dat wy no gewoan trochgean kinne
mei it weinbouwen. As de jeugd-
doarpsweinen der net mear wêze
soene, dan wurdt sa’n doarpsfeest in
125 simpel feest. De weinen dy’t bygelyks
yn Eanjum boud wurde, kostje oer de
tsientûzen euro en by ús weinen yn
Nijewier moatst ek tinke oan in pear
tûzen euro. Dat jild drage wy as
130 jongerein sels by, omdat wy it sa
moai fine om oan sa’n wein te
bouwen. Wy wolle ek in feilige wein
bouwe, mei hikken derom hinne. Der
moat in lûdsynstallaasje op, in
135 trekker foar en gean sa mar troch.
Wy binne der eins ek in jier mei oan
‘e gong. As it allinne foar in tochtsje
troch it eigen doarp wêze soe, dan
die gjin jongere mear mei oan it
140 weinbouwen. Der bouwe sa’n man of
tweintich, tritich mei oan de
feestwein. Wy hawwe ienkear yn de
trije jier sa’n doarpsfeest mei
fersierde weinen. Prachtich dochs?!”

naar: Henk van der Veer, Friesland Post, juni 2019

noot 1 De FNP (Fryske Nasjonale Partij) is in politike partij yn Fryslân sûnt 1962.

Skriuwe is de reis oangean

Tsead Bruinja is krapoan tweintich jier profesjoneel dichter. Dat fan syn bondels meast mar 300 of 400 eksimplaren ferkocht wurde, deart him net echt. “Us heit wie waskmasinereparateur. Soe dy mear klanten hân hawwe?” Syn lêste bondel *Hingje net alle klean op deselde kapstôk* leit sûnt 2018 yn 'e winkel.

(1) Wa hie ea tinke kinnen dat dy faak wat depressive jonge út Rinsumageast útgroeie soe ta in dichter dy't him op de nasjonale en ynternasjonale poadia like thús liket te fielen as thús op syn wurkkeamer? Hysels yn alle gefallen net. “Ien dy't wat depressyf fan aard is, tinkt – as er jong is – net hiel bot nei oer de takomst. Dreamen oer in glânzgjende karriêre of in prachtich hûs haw ik nea hân.”

(2) Ien fan syn earste ynterviews joech er jierren lyn yn Grins, op it studintekeammerke dêr't er nei syn heal ôfmakke stúdzje Ingelsk en net ôfmakke stúdzje Frysk hingjen bleaun wie. Dêr fertelde er dat er in pear jier earder besocht hie om Ingelske lietteksten te skriuwen, mar dat dy – om't sy alle kanten útgiene – net botte sjongber wiene. Dêr ek hie er ûntdutsen dat it skriuwen fan poëzy him better ôfgie as it skriuwen fan popsongs.

(3) Mei't er de lietteksten ynruile foar de poëzy, ruile er it Ingelsk yn foar it Nederlânsk. Yn dy taal skreau er syn earste serieuze gedichten. Om dy fierder te bringen as syn keamer, organisearre er de earste ôflevering fan it noch altyd besteande festival *Dichters in de Prinsentuin* yn Grins. Koart dêrnei krige er kontakt mei it Fryske literêre tydskrift *Hjir* en skreau er syn earste Fryske gedichten. “Dat wie belangryk, dêr bin ik in bettere

dichter troch wurden. Myn gedichten krigen mear betsjutting. Ik ûntduts de ferhalen út myn jeugd en fan de famylje, dat kommunisearre mear mei myn lêzers as de gedichten dy't ik yn it Nederlânsk skreau.”

(4) No't er Frysk skreau, publisearre er ynienen yn in offisjeel literêr tydskrift as *Hjir*. Dêrfoar ferskynde syn wurk allinne yn in oantal kopiearre tydskriften dy't yn eigen behear útjûn waarden. Mar dat soe gau feroarje. Hy die itselde wat generaasjegenoaten as Jaap Krol, Meindert Talma en Nyk de Vries – allegearre studint en Frysk skriuwer yn Grins – ek diene. Hy socht in ienfâldich baantsje dat it him mooglik makke om rûn te kommen en tagelyk de kop frij te hâlden. Hy wie in skoft skjinmakker by útjouwer Wolters-Noordhoff en hy ferkocht twa jier lang klassike cd's yn in muzykwinkel.

Benammen dat lêste wie poer geskikt foar it doel dat er him steld hie: tusken de klanten troch hold er tiid oer om te lêzen en te skriuwen.

(5) Mei it publisearjen fan syn earste bondel kaam er yn 'e beneaming foar in oanfoljende finansjele fergoeding. Der kamen mooglikheden om fan it skriuwen fan poëzy, en fan alles dat dêr oan fêstklibbet, mear te meitsjen as in frijетиidsbesteging. Dichter / keunstner Hein Walter neamde Tsead Bruinja ea in 'kultureel ûndernimmer'. En heakke dêr oan ta: “Syn

75 hannel is poëzy.” Walter hie neffens
Bruinja net ûngelyk. “In keapmantsje
út de Wâlden, dat bin ik wol wat. Ik
haw, doe’t myn earste bondel
útkaam, daliks besocht om myn
80 eigen ûndernimming op te bouwen.
Adressebestân oanlein, myn eigen
parseberjochten skreaun en fer-
stjoerd, festivals organisearre en
presintearre. Optrede en alles wat
85 dêromhinne sit, hat fan it begjin ôf in
grut part fan myn wurk útmakke.
Safolle mooglik minsken berikke.
(6) Sa’t de ferkeap fan cd’s foar
muzikanten minder belangryk wurden
90 is, sa draacht de ferkeap fan bondels
amper by oan it ynkommen fan in
dichter. Somtiden hat Bruinja in
bestseller foar poëzybegripen. Sa
rekke de earste printinge fan 400
95 eksimplaren fan *Stofsûgersjongers -
Stofzuigerzangers* yn koarte tiid
útferkocht en is der in twadde
printinge op ’e merk brocht. Yn de
measte gefallen bliuwt it by ien
100 printinge. Dochs slagget it Tsead
Bruinja al jierren om fan syn poëzy
en wat dêrom hinne hinget rûn te
kommen. Hy hat in wurkbeurs fan it
Nederlands Letterenfonds, hy jout ien
105 dei yn ’e wike les yn kreatyf skriuwen
oan Hogeschool voor de Kunsten
ArtEZ yn Arnhem, hy is oersetter en
presintator, treedt op en hy makket
yn ’e mande mei typografen keunst
110 foar de iepenbiere romte. Yn Ljou-
wert bygelyks binne teksten fan him
oanbrocht op de oerkapingen fan it
NS-stasjon en yn Utrecht binne oan
de bûtenkant fan flatgebou De
115 Verkenner tegels oanbrocht mei
koarte gedichten fan Bruinja. “Men

moat altyd ‘ja’ sizze as men earne
foar frege wurdt. Potinsjele
opdrachtjouwers moatte witte: by
120 Tsead kinne wy terjochte. It dichter-
skip is gjin elitêre beuzichheid, it is
wurk. Dat wol net sizze dat ik myn
siel en sillichheid net yn sokke
opdrachten lis. Wat dat oanbelanget
125 is der gjin ferskil tusken in opdracht
en frij wurk. It is wurk, mar it is gjin
maklik wurk.”
(7) Der wurdt op it heden wakker
klage oer alle fleksibele kontrakten
130 foar wurknimmers en oer it hege tal
lytse selsstannigen tsjin wil en tank.
Noch wiffer as it bestean fan in
boufakker of pakjebesonger liket it
bestean fan in dichter. Tsead Bruinja
135 is him dêr bewust fan. “Mar dy jonge
út de jierren njoggentich, dy’t amper
foarút tocht, is eins net folle feroare.
Ik libje yn it momint en dat giet my
tsjintwurdich suver better ôf as doe. It
140 heart by it âlder wurden. Dat depres-
sive út myn jeugd is net fuort, mar ik
haw it wol better ûnder kontrôle. Yn
dit wurk kinst eins nea fierder foarút-
sjen as in jier. Dat hoecht ek net. It
145 wurk is it doel. In pensjoen haw ik
net. Ik bin wolris benaud dat it
ophâldt, mar dêr stean ik net alle
dagen by stil. Ik wol gewoan
trochwurkje. It skriuwen leveret my
150 geastlik safolle op. Kinst ien freegje:
tink dêr ris oer nei. Ast it net by
tinken litst, mar it opskriuwst, dat giet
safolle djipper. Ik bin alle kearen wer
benijd wat it skriuwen mei my docht.
155 Kinst neitinke oer in reis dy’tst meit-
sje silst, mar kinst de reis ek oan-
gean. Skriuwe is de reis oangean.”

naar: Sietse de Vries, Leeuwarder Courant, 23 februari 2018

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.

Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.